

# **Sis my wa't ik bin**

Hanneke de Jong

Bornmeer

# Ynhâldsopjefte

Foarwurd	5	17. Mem har deiboek (8)	45
		18. Sis my wa't ik bin	47
1. Earste skoaldei	8	19. Mem har deiboek (9)	49
2. Twa nammen	11	20. Wat Loek noait ferjitte koe	51
3. Wat no?	14	21. Sneintemoarn	53
4. Wa bin ik?	17	22. Help fan syn maat	55
5. Wa is Louis Godschalk?	19	23. In slúf mei papieren	57
6. Mem har deiboek (1)	22	24. Mem har deiboek (10)	60
7. Werom nei skoalle	25	25. Sparje	61
8. Mem har deiboek (2)	27	26. Fjirtjin jier	63
9. Mem har deiboek (3)	29	27. Mem har deiboek (11)	65
10. Wat it hiele doarp wist	33	28. Sykje nei spoaren	66
11. Mem har deiboek (4)	36	29. Wer thús	70
12. Mem har deiboek (5)	37	30. Fierder, hieltyd wer fierder	72
13. "Aan de verzorgers ..."	38		
14. Nei pake en beppe	39	Neiwurd	75
15. Mem har deiboek (6)	42	Tankwurd	78
16. Mem har deiboek (7)	43		

# Foarwurd

Yn 1933 keazen de Dútsers Adolf Hitler as lieder. Al gau waard dúdlik wat syn bedoelingen wiene. Hy woe baas wurde oer hiel Europa. Hy leaude dat in protte minsken minderwaardich wiene, sa as Joaden, sigeuners, handikapt en homo's. Sokke minsken woe er net yn syn lân te wenjen ha.

It duorre net lang of foaral Joadske minsken krigen it dreech. Earst mochten se gjin amtner mear wêze, of studearje oan in universiteit. Yn de Kristallnacht, yn 1938, waarden Joadske winkels, synagogen (Joadske gebedshuzen), sikehuzen en skoallen oan diggels slein en Joadske minsken fermoarde. Dat makke dat in protte Joaden út Dútslân flechten, as se al net earder fuortgien wiene. Se tochten dat it dêr foar harren net goedkomme soe. Se flechten nei Ingelân, Switserlân, Amearika en ek nei Nederlân. Om't Nederlân net oan de Earste Wrâldoarloch meidien hie, soe it dêr miskien frede bliuwe as Hitler op oarlochspaad gean soe. En dat er dat dwaan soe, dêr twifelen de measten net oan.

Yn 1939 foel Dútslân Poalen binnen en in jier letter wie Nederlân oan bar. Op 10 maaie stutsen Dútske tanks de grins oer en besetten yn 5 dagen it hiele lân.

Al gau die bliken dat Joaden yn Nederlân ek net feilich wiene. Krekt as yn Dútslân wie der hieltyd mear foar harren ferbean. Se mochten net mear nei parken, bioskopen, téaters en bern mochten net mear nei de gewoane skoallen. Doe't se in giele stjer mei in J, fan Joad, op de kleen naaie moasten, koe elkenien sjen wa't Joadsk wie en wa net.

De measte Joaden wennen yn Amsterdam. De Hollandsche Schouwburg waard, tusken 1942 en 1943, it sammelplak foar de Joaden foardat se op de trein nei trochgongskamp Westerbork yn Drinte setten waarden.

De Schouwburg siet grôtfol minsken, folwoeksenen en bern. De direkteur wist fan de Dútsers tastimming te krijen om alle bern ûnder de trettjin nei de crèche, oan de oare kant fan de strjitte, te bringen.

Twa huzen fierder as de crèche wie in kweekskoalle, in skoalle dêr'tst leare koest foar master of juf. De studinten fan 'e kweekskoalle waarden troch it ferset ynskeakele om mei te helpen dizze bern te rêden. De studinten rûnen fan de crèche nei de kweekskoalle op it momint dat de tram stoppe foar de Schouwburg. Want krekt dan koe gjinien dêrwei sjen dat se in bern meinamen; oan 'e hân, of, as it in lytse poppe wie, yn harren rêch- of boadskiptas. Sa koene se de bern nei in feilich plak bringe. Lâns dy wei ha in protte Joadske bern de oarloch oerlibbe.

De minsken fan it ferset brochten de bern fanút Amsterdam nei gebieten yn Nederlân dêr't it minder gefaarlik wie en dêr't se te iten krigen. Sa waarden al dy bern ûnderdûkers. Se kamen



*Lemmerboat 'Jan Nieveen'*

telâne by minsken dy't mei gefaar foar eigen libben dizze bern helpe woene.

In protte giene nei it noarden, nei Fryslân, Grinslân of Drinte. Dy't nei Fryslân reizgen, giene mei de boat oer de Iselmar of mei de trein, auto, fyts of hoe dan ek om de Iselmar hinne. Dat moast allegear stikem barre.

De measte bern hawwe nei de oarloch harren âlden en fierdere famylje net wer sjoen om't dy de kampen net oerlibbe hiene. Nei de oarloch, doe't de Joaden, dy't de kampen wol oerlibbe hiene, weromkamen, besocht in kommisje bern en âlden wer byinoar te bringen. Dat slagge soms, mar faak ek net.

De ûnderdûkbern en harren famylje, as dy der wie, besochten nei de oarloch harren libben wer op 'e rit te krijen. Elk bern hie syn eigen ferhaal.

Dit is it ferhaal fan ien fan harren.

# 1. Earste skoaldei

As hie der gjin fakânsje west, sa fytsten de jonges fan harren doarp nei Snits, nei skoalle ta. Loek wie bliid dat dy lange wiken foarby wiene. It helpen by de boer ferfeelde him noait, mar de lange jûnen thús, en heit dy't faak wat te foeterjen hie, wol. Want as er net siet te seuren tsjin him, die er ferfelend tsjin mem. Soms frege Loek him ôf hoe't se it by him úthold. By gjinien fan syn maten gie it sa as by harren thús. Gelokkich makke heit lange dagen op it molkfabryk. Hy woe hegerop, hie er him ris ûntfalle litten.



‘Wy krije in nijenien foar wiskunde,’ wist Kees te fertellen. ‘Van Dijk is fuort. Hy is learaar op de HBS wurden.’

‘In nije leit gau better út as Van Dijk,’ fûn Freark, ‘dy man makke de simpelste dingen yngewikkeld. Wy sitte mar op de ULO, hear.’

‘Dan is er op de HBS better op syn plak,’ sei Kees. ‘Dêr binne it allegearre wiskundeknobbels.’

Loek sei neat, mar hy hie syn eigen gedachten. As syn heit der net op tsjin west hie, wie hy ek nei de HBS gien. Hy rekkene efkes: dan hie er yn 1960 syn diploma helle en hie er miskien nei de universiteit kinnen! No mocht er bliid wêze dat master Kuperus, mei mem, der sa achteroan siet. Fan heit hie er daliks oan it wurk moatten. De ULO wie teminsten noch wat. Loek fûn Van Dijk in aardige learaar, dy’t de fraachstikken goed genôch útlei. Mar Freark hie neat mei wiskunde, dy soe it altyd dreech fine.

‘Kom op, trochfytse,’ rôp Freark. ‘Oars binne wy de earste dei al te let. Silst Tinga hearre, dan kinne wy daliks neibliuwe!’ Se setten de sokken deryn en jagen moai op ‘e tiid it skoalplein op.

De oare deis begûn skoalle pas echt. Se hiene juster it lesroaster en alle boeken meikrigen en wiene middeis foar it waarm iten al thús. Dêr leine de rôlen kaftpapier klear, by Loek teminsten. Hy wist dat Freark de earste wie dy’t wer bûten boarte, want dy syn mem die it altyd foar him. Syn mem net!

Se siet der earst by om te kontrolearjen oft Loek it noch goed koe en doe’t se seach dat dat yn oarder wie, gie se werom nei it hok en de wask. Loek fûn it stomferfelend wurk, mar it moast no ien kear barre en in oar die it net. Hy wurke hastich mar sekuer, sadat der noch in moai ein middei oerbleau om nei bûten te gean.

It joech in tefreden gefoel doe’t er op skoalle de earste kreas kafte boeken út de tas pakte. Dat hie er dochs netsjes dien! In grut ferskil mei Kees, seach er, dy hie wat bûnt kastpapier fan syn mem krigen en it om de boeken hinne flanst. Dat bleau grif net lang sitten!

Fuort it twadde oere hiene se de nije learaar. Hy stelde him foar as Welling en krige de klasselist mei nammen derby. 'Ik wol dat jim tenei sitten bliuwe sa't jimme no sitte, dan ken ik jim nammen ridlik gau. Ik lêe de namme op, ien fan jim stekt de finger omheech en dan kin ik it op myn plattegrûn skriuwe. Jelly van der Burg.'

Jelly stuts de finger op en Welling skreau op wêr't se siet. It gie moai flot oant de man 'Louis Godschalk' sei. Alle bern seagen om harren hinne oft der ynienen in Louis Godschalk yn 'e klasse kaam wie sûnder dat se der erch yn hân hiene.

'Louis Godschalk.' De stimme fan Welling klonk wat lûder en hjir en dêr begûnen bern te gnizen.

'Is Louis miskien siik?' frege de learaar. 'Do! Fertel op, wêr is Louis?'



## 2. Twa nammen

Welling wiisde nei Hidde, dy't sêft sei: 'Wy ha gjin Louis yn 'e klas-se, menear.'

'Dat moat! Oars stiet er net op dizze list!' De man begûn him op te winen en guon fûnen dat grappich. Loek net, dy tocht oan syn heit, dy't yn dizze sitewaasje grif eksplodearje soe!

'Wy ha dy namme noch noait heard,' sei Hidde.

'Ik ha dy namme wolris sjoen.' It kaam derút foardat er der erch yn hie. Elkenien seach nei Loek.

'Wa bisto?'

'Loek Rienstra.'

'Loek Rienstra, Rienstra, Rienstra ... Ik sjoch gjin Rienstra. Do hearst net yn dizze klasse te sitten!'

No waard der lûdop lake en Geale, dy't him noait stilhâlde koe, sei: 'Hy sit hjir langer op skoalle as jo, menear!'

De man moast him ynhâlde, seach Loek, en Welling blafte him ta: 'Wêr hasto dy namme sjoen?'

Hie er mar neat sein. It iennige dat er wist, wie dat dy namme soms op in brief stie. Brieven dy't mem altyd hastich tusken de oare post útfiske, as mocht er se net sjen.

'Komt der noch wat fan?'

'Soms thús, op in brief dy't by de post sit.'

'Op in brief dy't by de post sit, tsjongejonge, do bist ek de snoadste net. En wêrom soe dat sa wêze, tinkst? Kom hjir, do.'

'Ik?' Loek wiisde nei himsels.

Yn twa stappen wie Welling by de bank, pakte him by it ear en luts him oerein.

'Au! Au!' raasde Loek. It die ferhipte sear!

De oare bern seagen mei grutte eagen hoe't Loek troch it lokaal sleept waard. Flak foardat se by de doar nei de gong wiene, boldere

Welling: 'Meitsje fan haadstik 1 som 1 oant en mei 5. En ik kontrolearje it aanst daliks! Wa't der in potsje fan makke hat, kriget strafwurk. Bulten!' Doe klapte de doar achter harren ticht.

Welling timmere op 'e doar fan de direksjekeamer en wachte it antwurd net ôf. Loek, dy't jankte fan 'e pine oan it ear, krukke as in âld mantsje achter him oan. Hy skamme him kapot en wie tagelyk razend. Wêrom die dy man sa? Se koene inoar ommers net iens!

'Welling! Wat stelt dit foar?'

De direkteur, Tinga, dy't achter syn grutte buro siet, kaam oerein. 'Wêrom slepe jo sa mei dy jonge om? Sa dogge wy dat net op dizze skoalle! Lit him los!'

De learaar liet Loek fuort los en frege: 'Fertel my, menear de direkteur, hoe't dizze jonge hjit!'

De direkteur die in stapke werom en stroffele oer de stoel achter him. Mei in plof foel er werom op de sitting.

'Ik bin Loek!' rôp Loek. Hy gûlde der hast oer. 'Loek Rienstra! Dat witte jo dochs? Dizze man wol my net leauwe!' Loek wreau oer it seare ear, in pear stappen fan Welling ôf. Hy naam him foar dat as de man him wer sa pakte, dat er slaan soe, sa hurd as er koe. Dan koe it him neat mear skele dat de man syn learaar wie.

Hy seach Tinga oan, dy't noch neat sein hie. Tinga seach nei it buroblêd dat fol papiereboel lei en skodholle. Doe seach er nei Welling en sei: 'Wy prate aanst fierder. It liket my better ta dat jo earst werom nei de klasse geane.'

Nei in lêste gemiene blik nei Loek, mar sûnder in wurd te sizzen, gie de learaar werom, de gong op.

De direkteur kaam achter syn buro wei en sei sêft, wylst hy Loek nei de doar ta brocht: 'Jim ha gjin tillefoan, tink?'

Loek skodholle. Allinnich de direkteur fan it molkfabryk, dokter en master hiene tillefoan yn it doarp.

'It spyt my dat it sa gien is. De rest fan de dei hast frij. It liket my goed ta, jonge, dat jim heit en mem dy tekst en útlis jouwe. It is

heech tiid. Kom mar werom nei skoalle ast safier bist. Ik winksje dy it bêste ta.'

Doe die er de doar fan syn keamer ticht en stie Loek allinnich op 'e gong.

### 3. Wat no?

Loek twifele. Moast er no samar nei hûs ta gean? Under skoaltiid?  
En syn boeken dan?

Op itselde stuit kaam Kees oanrinnen, mei syn tas ûnder de earm.

‘Wat silst?’ flústere syn maat. ‘Bist nei hûs ta stjoerd? Bist  
skorst? Hast strafwurk? Mar wêrom?’

‘Ik wit it net,’ sei Loek. ‘Tinga hat sein dat ik nei hûs ta gean  
moast en dat it tiid waard dat heit en mem it my fertelle soene.  
Mar ik ha gjin idee wat se my fertelle moatte. Is Welling noch lilk?’

‘Hy leit sommen út dy’t wy ferline jier al hân ha. Moat ik mei dy  
mei? Rêdst dy wol?’

Loek glimke en besocht de triennen binnen te hâlden. Kees wie  
echt syn maat! ‘Ik tink net dat dat de bedoeling is. Ik kom wol thús.’

‘Sil ik jûn efkes delkomme?’

‘Dat is goed. En oars kom ik wol nei dy ta. Betanke, hê?’

Hastich draaide er him om foardat er echt gûle moast. By de fyts  
die er de tas op de pakjedrager en trape efkes letter stadich fuort.  
Ienkear bûten de stêd sette er de sokken deryn. By elke traap dy’t  
er die, frege er himsels ôf: Wat? Wat? Wat? Wat moasten syn heit  
en mem fertelle?

Doe’t er hast by it doarp wie, begûn er wer stadiger te riden. Wat  
moast er aanst sizze? Heit wie op it wurk, mar mem wie fansels  
thús. Wie it stom om te fertellen wat Tinga sein hie? Hie er wat fer-  
keard dien? Hiene heit en mem wat ferkeard dien? Mar wat dan?  
As er mar wist wat de man bedoelde! Wat hie hy mei dy namme,  
Louis noch wat, te meitsjen? Hoe soe heit reagearje? Soms koe er  
sa freeslik lilk wurde om neat! Mem sei dan letter dat hy in minne  
dei op it wurk hân hie, mar as mem in minne dei hie, begûn se  
dochs ek net te razen?

Hy prate himsels moed yn. Dat it syn fout net wie dat Welling sa poer waard. Dat er gewoan ferteld hie wat er soms thús seach, op dy brieven dy't er miskien net sjen mocht. Mar krekt dat makke dat er him ûnwis fiede. Heit sei ommers faak genôch dat oaren neat te krijen hiene mei wat der by harren thús barde. As mem gesellich te kofjedrinken west hie by in buorfrou, koe heit har tasnauwe: 'Wêr ha jim it oer hân? Net oer ús, mei ik hoopje. Wat hjir bart, dêr hat gjinien wat mei nedich. Begrepen?'

Wat soe mem sizze? Soe se antwurd jaan? Mem begriep him altyd wol, dus moast er net eamelje, mar nei hûs ta gean. Want tagelyk wie er fansels hartstikke benijd!

'Loek! Wat is der? Bist net goed?' Mem sette grutte eagen op doe't se him oankommen seach. Se wie bûten by de line en hong de wask op.

'Mei my is alles goed, mar ...'

Loek sette de fyts tsjin it hok, helle de tas fan it pakjedrager en soe de hûs yn rinne.

'Ho, ho, dat giet samar net. Fertel op.'

'Hjir net, mem.' Hy seach nei de tún fan de buorlju dêr't buorfrou Brouwer de wask ek oan it ophingjen wie. Buorfrou harke altyd mei sân pear earen, sei heit, en se fertelde alles troch.

Mem begriep him, liet de wask de wask en kaam achter him oan. Loek wachte oant se yn 'e keuken wiene.

'Sis it mar,' sei mem.

'Miskien moat mem it sizze.'

'Wat moat ik sizze?'

'Dat wit ik net!'

'Silst dochs dúdliker wêze moatte. Wêrom bist al thús?'

'Om't Tinga, de direkteur, tsjin my sein hat dat it tiid wurdt dat jim my de wierheid fertelle. En dat kaam om't de nije learaar fan wiskunde frege wa't Louis noch wat wie. Myn namme stie net op de klasselist, mar de namme fan dy jonge wol. Wa is dat, mem?'

Yn ien kear wie mem sa wyt as sûpe. Se draaide har om nei it oanrjocht en geat harsels in glêd wetter yn. 'Freegje dat jûn mar oan jim heit.'

Se klokke it wetter hastich op en gie, sûnder noch wat te sizzen, nei bûten. Dêr gie se wer fierder mei it ophingjen fan de wask.

## 4. Wa bin ik?

Loek bleau ferbjistere yn 'e keuken achter. Hy krige ek wat wetter en dronk slokje foar slokje it glês leech. Wat moast er no? Wat wie der foar freesliks mei him dat sels mem it net sizze woe? Want hy hie wol yn 'e gaten dat mem presys wist wat Tinga bedoelde. Hy koe dochs min nei it fabryk ta stappe om heit te freegjen hoe't it siet. Heit seach him oankommen!

Mei de tas ûnder de earm gie er nei boppen ta, nei syn keamerke. Hy hie gjin nocht om de tún yn te gean, want dêr wie mem dy't neat sei. Hy hie noch in moai boek fan Arendsoog te lizzen, dat soe miskien wat ôflieding jaan.

It waard in lange dei. Loek wist net wat er dwaan moast. Wie mem lilk op him? Se hiene bûten tegearre in brochje iten, want heit wie de hiele dei fuort foar syn wurk, mar se hie neat sein. Pas tsjin seizen sette de bus heit ôf. Loek seach oan syn gesicht al dat er gjin nocht hie oan drege fragen. Mar as heit ek neat sei, koe hy moarn net nei skoalle ta! Hy moast it aanst freegje!

Under it iten hold er him yn; heit en mem hiene it oer heit syn dei. Mem begûn ek net oer syn ferhaal. Pas doe't se de sûpenbrij mei sjerp op hiene, koe er it net mear litte en begûn er dochs.

'Heit.'

'Ja.'

'Ik bin hjoed nei hûs ta stjoerd troch de direkteur.'

No hie er heit syn oandacht. 'Soa. Wat hast misdien?'

'Wy hiene in nije learaar dy't myn namme net seach op de klasselist, mar wol in jonge dy't net ien fan ús koe. Hy hjit Louis en noch wat. Drege namme. Doe sleepte er my oan it ear nei menear Tinga.'

'Soa.'